

## Tekst 1

### Yn de oanfal!

(1) Op 29 oktober 2008 organisearren provinsjale steaten in symposium op 'e Fryske Akademy oer de ta-  
5 komst fan it Frysk. In wurkgroep fan seis minsken út de Ried fan de Fryske Beweging en út Fryske ûnderwiisrûnten makke in 'oanfalsplan Frysk' mei útstellen om de posysje fan de taal te ferstevigjen. Willem  
10 Verf iepene de gearkomste as 'oan-jager'. De redaksje fan it tydskrift *de Moanne* frege in tal minsken, ûnder oaren Koos Tiemersma (skriuwer) en Mirjam Vellinga (projektkoördinator  
15 by de Algemeine Fryske Underrjocht-kommisje) om te reagearjen op it 'oanfalsplan' en op de bydrage fan Willem Verf.

#### It oanfalsplan

(2) De provinsje sil mear dwaan (kinne)  
20 moatte as it jaan fan foarljochting, it stimulearjen, aktivearjen en fasilitearjen fan Fryske ynstellings dy't har mei taal en kultuer dwaande hâlde. De provinsje sil de taalmacht fan it Frysk fersterkje  
25 moatte. Dat wol sizze dat benammen de fersterking fan de ekonomyske betsjutting en wearde fan it Frysk de basis fan it taalbelied fan de provinsje wêze moat.  
30 (3) Dat betsjut dat it Frysk yn guon domeinen (bgl. ûnderwiis, oerheid, rjocht, soarch en wolwêzen, guon media) de earste taal wurdt (net de iennichste), wêrby't foar de meiwurkers  
35 it Frysk in funksje- en beneamingseask wurde moat. Dat hâldt ek yn dat it foech om op it mêd fan de eigen (Fryske) taal en kultuer regels te stellen en wetten te meitsjen, fan it Ryk nei de provinsje  
40 oergean moat. Soks jout in gruttere earmslach om it Frysk ta de earste taal

fan Fryslân te meitsjen yn domeinen dêr't de oerheid ynfloed op hat of hawwe kin.

#### Willem Verf

45 (4) Der sille fêst noch wol twa, trije generaasjes oerhinne gean ear't der gjin húshâldings mear binne dêr't Frysk yn trochjûn wurdt oan de bern. Mar likegoed: ús taal is linkendewei oan it ferdwinen. Sûnt 1995 is it tal âlders dat  
50 mei de bern Frysk praat mei in treddepart ôfnommen. It tal bern dat mei freontsjes en freondintsjes Frysk praat, is yn de lêste tsien jier mei de helte  
55 ôfnommen.

(5) De machtsbasis foar it Frysk is te lyts om oerlibje te kinnen. Mei 'Frysk is fun' komme wy der net. It Frysk sil in folle promininter plak krije moatte yn it iepenbiere libben. Wa't de taal mach-  
60 tich is, sil der materieel en ymmaterieel foardiel fan hawwe moatte. Wa't yn Fryslân wennet en it Frysk net behearsket, sil dêr echt hinder fan hawwe  
65 moatte yn it deistich bestean. Allinne ûnder sokke kondysjes bliuwt in taal oerein.

(6) In machtiger posysje foar it Frysk, dat kinne jo net samar ynfiere. In  
70 mearderheid fan de ynwenners fan Fryslân moat it der mei iens wêze dat wy wurkje oan in steviger posysje foar it Frysk. It giet om bewustwurdig en draachflak. Dêrom moat der in brede  
75 maatskiplike diskusje komme. Profesjoneel en ûnôfhinklik organisearre. Oeral yn Fryslân. Yn skoallen en yn buert- en doarpshuzen. Op tillevyzje en radio, yn kranten. Gearkomsten dêr't elk wolkom  
80 is en gearkomsten foar bepaalde groepen mei minsken op kaaiposysjes, lykas leararen. Petearlieders soargje

foar fûnkeljende diskusjes. It moat in barren wurde dêr't minsken letter fan sizze: dêr ha ik by west. Dat wie moai, dat wie spannend, dat wie oangripend, ik wist dat der wat op it spul stie en dat makke it sa de muoite wurdich.

## Koos Tiemersma

**(7)** Der binne fan dy wurden dêr't by my de nekhierren automatys rjocht fan oerein komme. Ien fan dy wurden is 'moatte'. It wie in hiele tellerij, mar yn de twadde, oanpaste útjefte fan it *Oanfalsplan Frysk* wurdt op de 87 siden dy't it dokumint telt, it tiidwurd 'moatte' op de kop ôf 500 kear brûkt. En dat is tefolle. Foar my. Ik moat nammentlik neat. Oaren ek net, benammen net as it oer it brûken fan de Fryske taal giet. Freegje mar nei yn Wâldsein. Of Earne-wâld. Of Burgum. As minsken moatte, is de aardichheid derôf. Dan wolle se net mear. Of slimmer noch, se sette de hakken yn it sân. Exit *Oanfalsplan Frysk* soe 'k sizze, hoe goed de bedoeling ek is.

**(8)** Wa't de Fryske taal rêde wol, soe him in pear dingen realisearje moatte. Om te begjinnen is taal ûnmisber om te kommunisearjen, mar dat hoecht net perfoarst de Fryske taal te wêzen. Of Papiamento. Of wat dan ek. Mei oare wurden: alle talen binne ynwikselber foar elke oare taal.

**(9)** Frysk is in prachtige taal, of better sein: wie in prachtige taal. De glâns is der wat ôf. Dy pracht siet benammen yn de agrarise hoeke, mar no't op de measte pleatsen toskedokters húsmanje, hat dy taalrykdom gjin funksje mear. Wat oerbleau, is in earmoedige taal dêr't net folle ûntjouwing mear yn sit. Suppleminten foar it wurdboek hoege net, want der komt neat by. Alle lytse talen fertoane dat euvel. Soks is gjin pessimisme, ik konstatareje it allinnich mar. Om de lege plakken yn te foljen brûke Friezen ymportwurden, yn 'e regel ûntliend oan de Nederlânse taal

130 en oars wol oan it Ingels. Dêrmei is de Fryske taal al sa fier opskood rjochting oare talen, dat je je ôffreegje kinne oft it de muoite noch is en rêd ús eigen. Yn myn eagen is taal in natuerferskynsel. 135 Taal ûntjout him it bêste yn in isolemint en lost op sa gau't dat isolemint weifalt. Neat frjemds oan.

**(10)** Willem Verf hat yn alles folslein gelyk. Mar dy brede maatskiplike diskusje dêr't er op ta wol, mei wol oergean. Wêrom is it ús net genôch om ús te fermeitsjen mei wat hjoed foarhannen is? Dus brûk de Fryske taal wêr't dat mooglik is, lit dy Fryske taal mar sjen yn de iepenbiere romte, skriuwer lekker yn it Frysk, wês boartlik mei it Frysk, moedigje oaren oan om dat ek te dwaan, lês Frysk, soargje foar in breed oanbod yn it Frysk, lit sjen hoe ryk oft wy binne mei it Frysk, strielje dat benammen út, sit der net oer yn hoe't it letter komt en boppe alles: hâld dat 'moatten' asjeblyft achter de kiezen, dat tiidwurd is de deastek foar alles wat 155 wy berikke wolle.

## Mirjam Vellinga

**(11)** Moatte, moatte, moatte, sanksjes, easken, bedrigingen, ferplichtingen, moatte, moatte, moatte ... Soene wy ek noch wat *meie*, tocht ik doe't ik it oanfalsplan lies. Want sels ús eigen identiteit wurdt bepaald troch de hearen fan de Fryske Beweging. Neffens harren 'oanfalsplan' bin ik in ferhûddûke Fries, dy't alle dagen oeral en allinnich mar Frysk prate wol, mar dat net mei ... En ik mar miene dat ik sa'n gelokkich minske wie, mei yn myn deistich libben twa talen ta myn beskikking dêr't ik mei dwaan kin wat ik sels wol.

**(12)** Sa'n brede maatskiplike diskusje oer it Frysk, sa't Willem Verf wol, liket op it earste each noch net sa'n ferkeard idee. It Frysk komt op de agenda, minsken hawwe it der oer en tinke der oer nei. Mar wa komme der op sa'n diskusje ôf? Oer it algemien dochs de

180 minsken dy't al in soad foar it Frysk  
fiele en de minsken dy't der poer op  
tsjin binne. Mear net. Nettsjinsteande  
fleurige folders, prikeljende televyzje-  
spots en betûfte sprekkers. En wat  
dochst mei de útkomsten? Wêr leit it  
brekpunt? Stekke wy gjin enerzjy mear  
yn it Frysk as mear as 50 prosint fan de  
185 Friezen der sels gjin enerzjy yn stekke  
wol? Of leit dat by 30 prosint of by 70  
prosint? Wannear joust in taal op? Ik  
soe it net witte. Of moatte wy dan dêr  
ek noch in brede maatskiplike diskusje  
190 oer fiere? Yn Wales binne se bygelyks  
pas begûn mei taalstipe doe't it tal  
memmetaalsprekkers ûnder de 20  
prosint lei. En as wy sjogge nei it taal-  
belied fan de Welsh Language Board,  
195 dan binne de kearnwurden: advisearje,  
ynformearje en minsken in keus jaan.  
Begripen dêr't wy yn Fryslân no ek mei  
begjinne te wurkjen. It 'moatterige' en it  
'wetige' is der no einlings wat ôf. Der  
200 wurdt foarljochting jûn oer Frysk en  
meartaligens op skoallen, by sikehûs-  
merken, op pjutteboartersplakken oan  
âlders, oan begelieders en learkrêften.

205 Der wurdt eigentiidsk materiaal ûnt-  
wikkele en by de ferskate doelgroepen  
brocht, bygelyks de soarch, it bedriuw-  
libben en it ûnderwiis. Der wurde aktivi-  
teiten betocht, útfierd en stipe om it  
brûken fan it Frysk te stimulearjen yn  
210 alle domeinen en op lokaal en pro-  
vinsjaal nivo. Mei help fan de nijste  
technyske mooglikheden. En nee, achte  
hearen fan de Fryske Beweging, al dy  
nijmoadrichheden binne gjin bedriging,  
215 mar júst in hiel grutte kâns! Je moatte it  
allinnich wol sjen wolle en de blynkape  
ôfdwaan wolle. Sa wurdt in taal oan-  
treklik, sa wurdt Frysk wêzen yts wat  
fan jesels is, dêr't je je eigen ynfolling  
220 oan jaan kinne. It is mei in taal krekt as  
mei in potinsjele frijer. Der bloeie hiel  
moaie dingen op ast inoar seksy en  
aardich en ynteressant fynst. Dan wolst  
dingen mei-inoar ûndernimme, mei-  
225 inoar boartsje, wat opbouwe en mei-  
inoar sjoen wurde. Mar och ... de  
hearen fan de Fryske Beweging, dy  
komme leau 'k noch út it tiidperk fan de  
twongen houliken.

*Nei in artikel yn de Moanne fan desimber 2008*

## Tekst 2

### Geweld tsjin helperlieners

(1) Ut ûndersyk docht bliken dat in fjirde  
part fan de helperlieners mei fysyk  
geweld konfronteard wurdt en hast twa-  
tredde mei ferbaal geweld. Net allinne  
5 ambulânsepersoniel, mar ek bussjau-  
feurs, brânwachtminsk, finzenis-  
personiel en treinkondukteurs wurde by  
har wurk hyltyd faker hindere, útskolden  
en bedrige. Is der in ferklearring foar  
10 dat agressive gedrach en is der in oan-  
pak foar?  
(2) Hans Boutelier, as bysûnder heech-  
learaar Veiligheid en Burgerschap

15 ferbûn oan de Vrije Universiteit Amster-  
dam, wiist der mei klam op dat it giet  
om ynsidinten. "Ambulânseminsk  
wurde net alle dagen op 'e nekke  
sprongen, yn 95 prosint fan de gefallen  
giet it gewoan goed. Mar dy ynsidinten  
20 komme wol sa faak foar dat it dochs in  
struktureel probleem is. Ik neam it  
strukturele ynsidinten, en dy moatte wól  
oanpakt wurde. It omtinken dêrfoar is  
dus terjochte."  
25 (3) It asosjale gedrach hat neffens de  
kriminolooch te meitsjen mei in tekoart

oan beskavingsbuffer. “Earder hingen noarmen, wearden, gedrachsfoar-skriften sterk gear mei it maatskiplik fermidden dêr’tst by heardest. Dy gearhing is ferdwûn. Do moatst no as yndividu sels bepale hoe’tst dyn libben yn rjochtest. De minsken holden har doedestiids fansels ek net altyd oan de gedrachregels, mar der wie wol in besef fan in bepaald noarmjouwend kader.”

**(4)** Boutelier seit dat der minsken binne dy’t te min ‘bagaazje’ meikrigen hawwe om sels in noarmsysteem te ûntwikkeljen. “Benammen yn sosjaal swakkere buerten, dêr’t âlders ek net sa sterk yn de skuon steane, wurdt sa’n noarmsysteem net as fanselssprekkend oanbean. Bern út sokke miljeus hawwe minder remmingen. Harren manier fan reagearen yn bepaalde situaasjes giet fierder as it klisjee fan it koarte lontsjje.”

**(5)** In oare bekende faktor by sok gedrach is drank- en drugsgebrûk. It is net sûnder reden dat in protte ynsidinten yn it wykein, by feestdagen en yn 'e buert fan útgeansgelegenheden plakfine. “As in ambulânse op sneontejûn nei it útgeanssintrum moat, dan stiet der faak in grutte groep dronken jongeren om hinne, dy’t de helperlieners lestich falt en op it dak fan de ambulânsewein springt.”

**(6)** Boutelier fynt it opmerklik dat de agresje him benammen rjochtet op oerheidspersoneel. “Der bestiet blykber in protte agresje tsjin de oerheid. Yn Nederlân kinne hyltyd mear minsken minder goed omgean mei autoriteit.

Boargers binne mûniger wurden: se easkje in protte en akseptearre minder. As guon minsken net fuortdaliks krije wat se wolle, dan miene se dat se it rjocht hawwe om it te heljen.”

**(7)** Wat kinst der oan dwaan? “Kinst net sizze dat de hiele mienskip oer de kop moat, dat wy it allegearre oars dwaan moatte! Moatst derfoar soargje dat it probleem net út 'e hân rint om eksessen foar te kommen, en dus de funksjonele kontrôle fersterkje. Faak binne der op de útgeansplakken nachts fan ien oere ôf partikuliere befeiligers paraat om de boel ûnder kontrôle te hâlden. Ik fyn it net moai dat wy dy kant útgeane, mar wy moatte wol praktysk wêze. De NS hat bygelyks al langer te meitsjen mei agresje. Dy lit no op guon trajekten mear kondukteurs meiride, jout wurknimmers trainingen hoe’t se omgean moatte mei agresje en hat goede ôfspraken makke oer gearwurking mei de plysje. Dat liket te wurkjen.”

**(8)** Foar geweld tsjin helperlieners binne njonkenlytsen ôfspraken makke oer ekstra strange ferfolging. In fer-tochte kin fêsthâlden wurde oant er foarkomme moat, der kin fluchrjocht tapast wurde en justysje kin in dûbele straf easkje.

**(9)** Boutelier twifelt oan it nut fan swiere sanksjes. “Prate mei dy jonges is better as har in swiere straf jaan. De measten fan har witte echt net wêr’t se mei dwaande binne. Troch har te konfrontearjen mei harren deden, is it miskien mooglik om har noch wat by te stjoeren.”

*Nei in artikel fan Linda van der Nat yn it Friesch Dagblad fan 7 febrewaris 2009*